

Foar de swalker leit der gjin paad, it paad ûntstiet swalkjendewei

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



De recepten zijn laagdrempelig
Mascha Perquin uit Hilaard wil mensen op leuke manier gezond laten eten
pagina 3>



Angelusklokje wacht restauratie
Protestantse gemeente houdt in Easterlittens vast aan katholieke traditie
pagina 5>



Kerken zijn deze zomer weer open
'Tsjerke en muzyk' is het thema van achttiende editie van Tsjerkepaad
pagina 5>

'Moaiste skoalle fan Fryslân' slút nei 145 jier de doarren

Kûbaard – De algemien bysûndere basisskoalle De Reinbôge yn Kûbaard slút nei dit skoaljier definityf de doarren. De skoalle hat te min bern om selsstannich fierder te gean en fusearret om dy reden mei de iepenbiere basisskoalle De Opslach yn Wommels. De histoarje fan de Kûbaarder skoalle begjint yn 1871, no 145 jier lyn.

Troch Hinne Bokma

Op 30 septimber 1871 komme sa'n tritich manlju út Kûbaard en Waaksens byinoar om yn it doarp in feriening foar kristlik ûnderwiis op te rjochtsjen en in skoalle te begjinnen. Op 16 april 1872 wurdt de earste stien lein fan de nije skoalle en wenning foar de haadmaster. De boukosten komme út op 9750 gûne (4875 euro). Yn july 1872 is de feestlike iepening. It tal bern nimt de earste jierren stadich ta. Der wie dan ek alle reden om yn 1897 it 25-jierrich bestean op in fleurige wize te fieren. De bern geane mei de boat nei Skarsterbrêge en boartsje yn de bosken fan Hûs ter Heide. Yn 1912 wurdt it fjirtichjierrich bestean fierd. Oant 1923 steane der allinne masters foar de klasse. Yn dat jier bringt juf Bonne dêr feroaring yn. Yn 1962 wurdt de skoalle twatalich en jouwe de learkrêften les yn Nederlânsk en Frysk. Yn itselde jier wurdt besletten in nije skoalle te bouwen. It âlde gebou foldocht al lang net mear oan de easken fan dy tiid. Foar 120.000 gûne wurdt oan de Greate Buorren in skoalgebouw delsetten. De rûten op it súden, dat jout ljocht en sinne.

Grut feest

Grut feest is it yn 1971 as de skoalle hûndert jier bestiet. Alve jier letter krijt Kûbaard in eigen beukerskoalle, dy't ûnderbrocht wurdt yn in needlokaal. Waarmimend boargemaster Geert Eijgelaar fan Hinnaarderadiel nimt de iepening foar syn rekken. In min berjocht komt der yn 1984 út Den Haach. It ministearje fan ûnderwiis fynt dat de Kûbaarder skoalle net foldocht oan de easken fan in basisskoalle. Der sitte fjirtich bern op skoalle en de prognôazes



De bern fan De Reinbôge. Efterste rige: Gerbrand Kramer, Wybren Kooistra en Kelly Terpstra. Middelste rige: Rixt Jelsma, Brecht Kramer, Sjoerdsje Sterkenburgh, Remi Bootsma, Jan Jousra en Jelle Sieperda. Foarste rige: Rihan Welday, Silke Bootsma, Niels Terpstra, Raymond Terpstra, Sven Bootsma, Wouter van der Velde en Fabian Giesing.

litte in weromrinnend tal bern sjen. Dat yn Wommels twa basisskoallen binnen trije kilometer fan Kûbaard steane spilet ek mei yn de beslútfoarming. Troch de komst fan in tal bern fan de skoalle fan Tsjom sjocht de takomst fan de skoalle yn Kûbaard der ynienen wer wat better út. Om noch mear takomstperspektyf te krijen wurdt de feriening foar kristlik ûnderwiis omset yn de feriening foar algemien bysûnder basissûnderwiis. It bestjoer bewurket mei sukses de polityk en sa

krijt de skoalle op 1 augustus 1985 dochs de status fan basisskoalle. Yn 1987 wurdt it gebou oanpast oan de easken fan de moderne tiid en krijt de skoalle de namme 'De Reinbôge'. Yn 1996 bestiet de skoalle 125 jier en dat is reden foar in trijedaags feest. Ien fan de ûnderdielen fan it feestprogramma is in reüny. It binne fleurige tiden. It tal bern nimt ta, yn 2002 binne it der sels mear as fyftich. De gemeente Littenseradiel is ree om 350.000 euro yn de ferbou fan de skoalle te

stekken en begjin juny 2003 fynt de feestlike weriepening plak. „It is de moaiste skoalle fan Fryslân wurden”, fynt doetiids direkteur Geart Rypkema. Noch itselde jier wurde der op de skoalle sinnepanelen pleatst, in inisjatyf fan de Stifting Wiek.

Daltonûnderwiis

Yn 2009 krige de skoalle de lisinsje om daltonûnderwiis te jaan. Dit systeem giet út fan ferantwurdlikens, gearwurkje en selsstannigens. Bern meitsje harren eigen keuzes

en sykje yn de lessen harren eigen wei. Op 1 maaie 2014 krijt De Reinbôge it predikaat 'Trijetalige skoalle'. Mar tagelyk ferskine der donkere wolken oan de hoarizon. It tal bern rint werom. Yn juny 2015 komt it berjocht dat der nei 1 augustus 2016 gjin bestearsrjocht mear is foar de skoalle. It doek falt. Yn it lêste jier sitte der noch 16 bern op skoalle. Seis bern geane nei it fuortset ûnderwiis en de oare tsien bern geane nei in oare basisskoalle yn de omkriten.

Ambachtsbakker sybesma

Tour de France weken

Let op de gele folder de Tour de France folder geldig van 5 t/m 31 Juli

skilder nedich
www.skilder.nl
schilder nodig

uw voeten in goede handen

Clara

Medisch- en oncologisch voetzorgverlener

Breed gespecialiseerd in behandeling: diabetes, reuma, oncologie en overige risicovoeten.

Tjessingawei 8 Hilaard
Mob: 06-55 56 44 08
Tel: 058-251 93 78

www.pedicurepraktijkclara.nl

KAMSTRA STEENHANDEL
BESTRATING EN GRIND

Monsamabuorren 1
Hinnaard

t. 0515 333 432

kamstrasteenhandel.nl